



Ferslach fan de gearkomst fan it Genealogysk Wurkferbân yn Café Wouters op sneon 13 oktober 2018.

Oanwêzich: 27 persoanen

De foarsitter Gosse van der Plaats **iepenet** om 13.30 oere de gearkomste.

Berjocht fan behindering is binnenkommen fan: Jelle de Jong en Jabik van der Bij.

Betinken Henk Zeinstra.

De lêste gearkomste fan in ôfrûne jier ha we noch in kaart oan de slim sike Henk Zeinstra stjoerd. Mar de foarige deis wie Henk al ferstoarn die koart dêrnei bliken. De foarsitter jout Melle Koopmans it wurd foar in betinkingswurd oer Henk Zeinstra. Henk wie sûnt 2000 bestjoerslid fan it wurkferbân en siet yn de grêfskriftenkommisje. Henk hie in protte kennis fan genealogy en foaral ek fan roomske famyljes. Hij wie in wat stille man, dy't op de him eigen wize in protte ûnderwerpen en sprekkers oandroeg foar it wurkferbân. Hy wie ek frijwilliger op de studzjeseal fan Tresoar. Hy holp de minsken graach. Mei in minuut stilte wurdt it betinke ôfsletten.

Foarsitter fertelt dat Henk besletten hie dat syn genealogyske boeken nei de leden fan it wurkferbân moatte. Der sil in list mei de titels fan de boeken nei de leden stjoerd wurde, dy't der dan op yntekenje kinne. De genealogyske oantekens fan Henk binnen nei Maikel Galema yn Warkum gien.

It ferslach fan de gearkomste fan 31 maart wurdt fêststeld. Der binne gjin op- of oanmerkings.

Notulisten foar de kommende gearkomsten:

3-11 Meindert Tangerman
1-12 Bouwe van der Meulen
5-1 Max van der Wijk
2-2 Wytse Tjoelker
9-3 Kees de Boer
6-4 Sjoerd de Boer

Foarsitter freget oft der noch **ideeën binne foar ûnderwerpen foar de gerakomsten yn 2019.**

Dizze kinne ek altyd oandroegen wurde, mei ek fia de mail. Graach trochjaan oan de skriuwer op jabikvanderbij@gmail.com

Dan 2 fragen: fan Richard de Boer en Han Nijdam

- a. Yn it Jierboekje fan 1952 stiet yn it ferslach fan de gearsit fan 26 maaie 1952, in oprop fan J. Smit fan Hallum dat de opskriften fan berteleppels registrearre wurde moatte. De fraach is oft der fan dy registraasje ea wat telâne kommen is.
Antwurd: Hessel de Walle en de Fryske Rie foar de Heraldyk binne der mei dwaande “ west.
- b. Yn it Jierboek fan 1978 (side 4), stiet dat wukferbân-lid Zondervan fan Harderwijk de leden oantrune hat om meidielings oer berteleppels oan him troch te jaan. Ken ien dizze Zondervan en wit ien wat fan syn samling?
Antwurd: De foarsitter hat kontakt socht en hân mei Zondervan út Vlissingen, dit is deselde as Zondervan út Harderwijk. Hy is yn dy tiid ferhuze en de brief fan Nijdam is nea by him oankommen.

It wurd is dan oan de sprekker fan dizze middei Piet Postma oer it **Familieboek IJsselmuiden.**

Postma fertelt hoe dit famyljeboek ta stân kommen is, wa't de wichtigste ynformanten wiene. De beppe fan Postma wie in IJsselmuiden, ek Henk Zeinstra stamt út dizze famylje IJsselmuiden. Henk hat dan ek in wichtige bydrage oan it boek levere.

It boek beslacht mear as 900 persoanen. De belangrykste plakken binne Frjentsjer, Ljouwert en de Jouwer en Sassenheim.

De earste IJsselmuiden yn Fryslân is Michiel IJsselmuiden berne om 1680 hinne dûkt op yn Reduzum en is militêr. Fan dizze man stamme likernôch alle IJsselmuidens ôf.

Sa om 1820 hinne set Pier IJsselmuiden him nei wenjen yn Frjentsjer. It wurdt der in foarosteansteande Roomske famylje, dy ek gâns wat huzen yn dizze stêd yn besit krijt.

In part fan de famylje giet foar 1900 nei Sassenheim, dêr se gâns neiteam krije.

Yn 1915 giet in Petrus IJsselmuiden nei De Jouwer, dêr't er herberg 'Der Ster' hat.

Nei it skoft giet Postma fierder mei âlde foto's fan de Jouwer. Dizze foto's binne publisearre yn it boek "Fragmenten uit de geschiedenis van Joure" dat er mei Jan Oord skreaun hat.

Ta beslút fan de lêzing lit er in film oer it RK-dokumintaasjesintrum yn Boalsert sjen. Dizze film toant in byld fan de rike samling dy't dit institút beheart.

De foarsitter bedankt de sprekker foar wat er brocht hat.

Omfreegjen.

Der is neat foar it omfreegjen.

Kommende gearkomsten

20 oktober is der in gearkomste fan it NGV yn it HCL oer St Antonygasthuis

3 novimber de folgjende gearkomste fan it wurkferbân oer de doarpen Nes en Wierum en Peasens.

1 desimber komt it Jierboek út.

Rinse Spits